



Beliedsplan 2023-2027



Ynhâld

Ynlieding	3
Wat is de Ried fan de Fryske Beweging?	3
Profyl fan de Ried	4
Missy.....	4
Wurkwize.....	4
Aktiviteiten	5
Suksessen boeke mei de Fryske taal	5
Kearnaktiviteiten	5
Oare aktiviteiten.....	6
Sichtberens fan it Frysk, sichtberens fan de Ried.....	6
Kearnaktiviteiten	6
Oare aktiviteiten.....	7
Organisaasjestruktuer	7
Kommissjes	7
Advysried.....	8
Politike kommisje (POK)	8
Mienskipskommisje (MIKO)	8
Fryske Bewegingsdei	8
Organisaasje en útfiering	9
Ynfolging fakatueres.....	9
Beleanningsbelied	9
Karbrieffwizing.....	9
Húshâldlik reglemint.....	9
Wurkplan	9
Kommunikaasje mei de achterban.....	10

Ynlieding


De Ried fan de Fryske Beweging hat yn de perioade 2018-2022 in soad wurk ferset om it foarige beliedsplan stal te jaan. Grutste útdagingen yn dy perioade wienen de maatregels yn ferbân mei de koroanapandemy, mar ek de grutte wikselingen yn de bestjoersgearstalling. Yn 2017 wiene der noch tsien bestjoersleden, ein 2022 binne dat noch mar seis. De post fan foarsitter is fakant, der is noch gjin fêste opfolger fûn. Twa bestjoersleden geane ein 2023 nei tolve jier út it bestjoer. Ek foar harren is der noch gjin opfolger. Dochs sjocht de Ried de takomst mei fertrouwen yn 'e mjitte.

Yn dit beliedsplan geane wy earst yn op wat de Ried is en wat de Ried berikke wol. Dêrnei wurde de aktiviteiten fan de Ried taljochte oan de hân fan in tal beliedsline. As lêste wurdt beskreaun hoe't wy dat organisearje sille.

Wat is de Ried fan de Fryske Beweging?

De Ried fan de Fryske beweging (Ried) is in stichting dy't yn 1945 oprjochte is. It is in koepelorganisaasje (beweging) mei 9 oansletten organisaasjes (sjoch organogram hjirûnder) en op dit stuit sa'n 300 stipers. De Ried brûkt in kantoarromte yn it gebou fan Tresoar yn Ljouwert. Dêr kin ek gebrûk makke wurde fan gearkomstesealen, wifi, kopiearapparaten en oare foarsjenningen. Nei de koroanamaatregels is it gebrûk benammen beheind ta de postboks en de bestjoersgearkomsten. De Ried as sadanich bestiet út fertsjintwurdigers fan de oansletten organisaasjes en út fertsjintwurdigers fan de stipers (elk de helte). Op dit stuit (ein 2022) bestiet de Ried út 15 riedsleden (9 út de organisaasjes en seis bestjoersleden, dy't keazen binne út de stipers; der soene noch trije stipers by hearre, neffens it karbrief). It bestjoer kin in berop dwaan op in tal adviseurs dy't it bestjoer mei ried en died bysteane. Dêrneist is der noch in tal meiwurkers dat op basis fan frijwilligers- of ZPP-kontrakten oansteld is. De bestjoersleden binne as 'linking pins' warber foar de ferskate aktiviteiten fan de Ried. In soad frijwilligers soenen dêrby it bestjoer yn de deistige praktyk in protte wurk út hannen nimme moatte. Sa binne der minsken dy't har op frijwillige basis dwaande hâlde mei de ynternetkrante It Nijs, de Fear yn 'e broek, ynternasjonale kontakten, ensafuorthinne. De kommisje Bûsboekje is in pear jier lyn ek by de Ried kommen. Ad hoc binne der geregeld oare kommisjes of wurkgroepen aktyf. Hjirûnder is dat allegear werjûn yn in *organogram*.

Organogram



De Ried hat net allinnich oansletten organisaasjes, mar is sels ek oansletten by of fertsjintwurdige yn oare organisaasjes. Hjirûnder stiet in oersicht fan dy aktiviteiten, sitten en lidmaatskippen. De Fryske reklamepriis wie de Ried yn de praktyk al mei ophâlden en dêr is yn 2022 ek formeel definityf ta besletten. De redaksje fan it Bûsboekje draait selsstannich, mar wol ûnder de KfK-ynskriuwing fan de Ried.



Profyl fan de Ried

De Ried is in organisaasje dy't stribbet nei in bettere emansipaasje fan de Fryske taal. Wy wolle de omjouwing bewust meitsje fan de posysje fan it Frysk ûnder oaren troch it ynsetten fan ús netwurk, it skriuwen fan opiniearjende stikken yn de media, brieven oan organisaasjes, petearen mei ynstânsjes en troch in brede kommunikaasje mei ús eigen (sosjale) media.

Missy

De missy fan de Ried fan de Fryske Beweging is de lykberjochtiging, lykweardigens en sichtberens fan de Fryske taal en kultuer yn de breedste sin fan it wurd te befoarderjen. Mei safolle wurden stiet dat as doel ek yn it karbrief fan de Ried. Dat fertaalt him yn ús wurktitel: Foar Friezen, Fryslân en it Frysk.

Dêrby lizze wy de measte klam op de Fryske taal.

Wurkwize

De Ried besiket om syn doelen te berikken troch it útfieren en koördinearjen fan aktiviteiten dy't it doel tsjinje kinne, lykas:

1. It befoarderjen fan ienheid en in goede wurkferdieling yn de Fryske Beweging
2. It fertsjintwurdigjen fan de Fryske Beweging yn it ferkear mei oerheden, mei amtlike en publike ynstânsjes en mei ynstellingen en fermiddens
3. It organisearjen fan kursussen, konferinsjes en iepenbiere diskusjes
4. It ynstellen fan kommisjes
5. It – al of net yn 'e mande mei oaren – behearen fan in buro foar tsjinstferliening
6. It útjaan fan publikaasjes, al of net periodyk

Aktiviteiten

De Ried wurket neffens de folgjende beliedslinen:

1. Suksessen boeke mei de Fryske taal (foaral rjochte op Provinsje, polityk en ynternasjonale kontakten)
2. Media (benammen itnijs.frl)
Sichtberens fan it Frysk (foaral rjochte op ús eigen aktiviteiten om it Frysk te stimulearjen)
3. Wat ús bynt (it bouwen oan in netwurkorganisaasje foar de Fryske taal en kultuer)



Suksessen boeke mei de Fryske taal

De Wet Gebrûk Fryske Taal is fêststeld en de ferskillende oerheden (Ryk, gemeenten, Provinsje Fryslân, Wetterskip en besibbe tsjinsten) sille oan 'e gong moatte en stappen foarút meitsje. De Ried sil as in soarte fan 'Taalwacht' de oerheden dêrop fergje en yn aksje komme as dat nedich is. De Politike kommisje fan de Ried spilet dêr in wichtige rol by.

Kearnaktiviteiten

De Ried kin, as ûnôfhinklike organisaasje, op eigen manneboet doelstellingen foar de lange termyn formulearje. Dy doelstellingen rinne foarút op wat de Provinsje, gemeenten en/of it Ryk wolle en dogge. De Ried hat dat earder opskreaun yn de Skaad-BFTK. Us wichtichste doel: Frysk en Nederlânsk binne yn 2030 yn de deistige praktyk folslein lykwaardige talen yn Fryslân. Friezen kinne der wis fan wêze dat se oeral en altyd har eigen taal brûke kinne.

De wichtichste kearnaktiviteiten dy't dêryn in plak krije:

1. De Ried sil (noch) aktyf wêze as Taalwacht troch mear fokus te lizzen op de aktualiteit en it skriuwen fan opinystikken en ynstjoerde stikken as dy aktualiteit yn striid is mei ús skaad-BFTK.
2. It draachflakkritearium yn de ûnderwiiswetten moat fan tafel. Wy dogge in analyze en sette aktiviteiten op priemmen om dat te realisearjen.
3. It ûntheffingessysteem foar it ûnderwiis moat omset wurde nei aktyf belied om alle basisskoallen yn Fryslân trijetalich te meitsjen yn 2030. Wy dogge ûndersyk (of litte dat útfiere) nei de effekten fan it ûntheffingessysteem.
4. Aktyf monitoarje fan aktiviteiten by gemeenten en Provinsje, dy't mei it Frysk te krijen hawwe, sadat wy mei de kreative 'timing' reagearje en ynsprekke kinne as der beliedsstikken yn de gemeenterieden komme.

5. It oanheljen fan de kontakten mei de lanlike oerheid en op Europeesk nivo (bygelyks it Committee of Experts) om it net neilibjen fan it Hânfêst, oare Europeeske regeljouwing en nasjonale regeljouwing oan de kaak te stellen.

Oare aktiviteiten

De ynternasjonale kontakten binne in oare pylder yn dizze beliedsline, krektlyk as yn de foarige perioaden, benammen troch diel te nimmen oan de aktiviteiten fan de FUEN. Sa hawwe wy op ynternasjonaal nivo ús kontakten, foar gearwurking mei minderheden yn hiel Europa.

Sichtberens fan it Frysk, sichtberens fan de Ried

By dizze beliedsline giet it om op it publyk rjochte aksjes. It doel is om krekt de gewoane Friezen oan te sprekken. Dêrneist sil ús eigen achterban mear yn beweging komme moatte (mobilisearje). Tink oan aksjes rjochte op organisaasjes en/of bedriuwen dy't nei ien of mear freonlike fersiken net omlyk wolle. Yn dizze beliedsperioade sille wy lykwols ús ambysjes bystelle moatte.

Kearnaktiviteiten

De kearn fan wat de Ried berikke wol is dat wy it publyk oansprekke, belûke by en bewust meitsje fan de Fryske taal. Us kapasiteit en finansjele middels binne beheind, mar mei ludike aksjes en oare saken dy't de jongerein oansprekke en in goed gebrûk fan sosjale media kinne wy dy doelen berikke. Wy sille lykwols effisjint omgean moatte mei de mooglikheden dy't we hawwe. Dat betsjut it folgjende:

1. Yn 2023 hâlde wy op mei it útjaan fan DE NIJE. Dat blêd hawwe wy trije folsleine jiergongen útjûn. It doel fan de Ried is nije inisjativen oanswingelje. DE NIJE is relatyf sjoen suksesfol, mar it yn stân hâlden is dreech. Om bliuwend kwaliteit te leverjen binne jild en fêste meiwurkers nedich. Dat kin de Ried net mear biede. Spitigernôch is it net slagge om it meitsjen fan DE NIJE earne oars ûnder te bringen.
2. Itnijs.frl bliuwt it wichtichste mediakanaal fan de Ried. Wol sille wy itnijs.frl oars profilearje moatte. Mei it beheinde tal redakteuren en frijwilligers is oan de ambysje fan it bringen fan deistich aktueel nijs yn it Frysk net te foldwaan. Mei de redaksje fan itnijs.frl besjogge wy hoe't wy de 'formule' feroarje kinne. As wy ophâlde mei DE NIJE kinne we de redakteuren fan DE NIJE freegje om tenei har bydragen te leverjen foar itnijs.frl. En betelje we dêr likegoed foar.
3. De Fedde Schurerlêzing bliuwt in wichtich publyksevenemint. Neist de lêzing kinne we soargje foar in 'glimmer' dy't basearre is op it tema fan de lêzing. Dy glimmer giet nei de stipers en sil te keap wêze by de Afûk en inkele boekhannels ferspraat oer de provinsje.
4. Mei DE NIJE is in syklus opboud fan in tal wedstriden, dêr't in gesellige gearkomste by heart om de prizen út te rikken. It giet dan om in dichterskriich, in liete-oersetkriich en in kriich foar it skriuwen fan in ferhaal oer in tema. Dêrneist is der in fotokriich. De oankundiging foar elke kriich sil tenei plakfine op itnijs.frl. Sa soargje we in pear kear jiers foar in achterbanevenemint. Wy soenen der ek foar kieze kinne om dat op te nimmen yn de Fryske Bewegingsdei (sjoch fierderop) of in Fryske galajûn.
5. Wy hâlde definityf op mei de Fryske reklamepriis. Wy stribje dernei om ien kear jiers in Fear yn 'e broek út te rikken en twa kear jiers in plombrief te ferstjoeren, mei de media-oandacht dy't dêrby heart.
6. Wy meitsje in PR- en kommunikaasjeplan om mear strukturearre te kommunisearjen. Mei in nije útstrieling en (hiel spesifike) frijwilligersfakatueres kinne wy gau nije minsken binnenhelje, dy't nijsgjirrige saken foar ús socials betinke en útwurkje kinne.

Oare aktiviteiten

De Ried hat sels in tal middels yn hannen. Bygelyks 'ItNijs' (ynternetkrante) en de sosjale media. Op Facebook en Twitter hat de Ried fia de accounts 'FryskeBeweging' en 'ItNijs' tûzenen folgers en freonen. De Ried sil dy ferskate mediafoarmen de kommende jierren bliuwend by de tiid bringe en hâlde om mear lêzers en folgers te berikken.

De Ried biedt de redaksje fan it Frysk bûsboekje ek dizze perioade in formeel plak. De redaksje is, krektlyk as de redaksje fan itnijs.frl, in ûnôfhinklike redaksje dy't romte krijt om syn taken út te fieren. Wy dogge ad hoc lytsere projekten, lykas it projekt 'Startside.frl'. As yndividuele riedsleden dat soarte ideeën hawwe, biedt de Ried in platfoarm.

It tal minsken yn bestjoeren fan (oansletten) organisaasjes dat it Frysk skriuwen net machtich is of net doart te skriuwen, nimt ta. It is fan belang, dat 'it kader' fan organisaasjes goed Frysk skriuwe kin. De Ried wol oansette ta mienskiplike Fryske Afûk-kursussen fan bestjoersleden fan de ferskate oansletten organisaasjes. Sa kinne minsken mei-inoar de kennis fan it Frysk opfrisse. Dan snijt it mes oan twa kanten: minsken yn it kader leare wer Frysk te skriuwen, wêrtroch't it Frysk mear brûkt wurdt yn uteringen fan organisaasjes, en dêrneist wurdt der boud oan it netwurk.



Organisaasjestruktuer

Yn 2018 wienen der plannen om mei 'Wat ús bynt' in stevige netwurk- en presje-organisaasje op te setten, dy't foar Fryslân en syn identiteit yn brede sin opkomt. Doel wie dat de organisaasjes dy't in rol spylje by it behâld en de befoardering fan de Fryske taal en kultuer fertsjintwurdige wienen. Fan polityk (boppe yn de piramide), nei Fryske taal- en kultuerorganisaasjes, maatskiplik middenfjild, mooglike juridyske presje-organisaasjes en aksjegroepen.

By de earste gearkomste wienen de oanwêzigen posityf. It plan is om ferskate oarsaken net fan de grûn kommen. De wichtichste oarsaak wie, dat der gjin 'lûker' wie fan it projekt en mooglik wie de ambysje op dat stuit ek wol te heech. Dochs lizze der noch altyd kânsen om dat model (fierder) út te bouwen op grûn fan de organisaasjestruktuer dy't wy no al hawwe.

Kommisjes

De Grutte Ried is fanâlds it wichtichste plak dêr't de oansletten organisaasjes inoar moetsje en se by te praten oer saken dêr't de Ried mei dwaande is. Dy gearkomsten wurde twa kear jiers hâlden. Om 2017 wienen dy gearkomsten ridlik 'ynkakt', der wie net in soad animo mear foar. It wie in oanfoling fan it bestjoer mei inkele oare 'pommeranten'. Fan 2018 ôf is der ynset op mear besikers fan de Grutte Ried troch in ekstra aktiviteit (lêzing, foarstelling) te organisearjen en de stipers út te nûgjen. Dy gearkomsten wurde better besocht.

Der sitte lykwols wat neidielen oan dy opset:

- It programma is te fol, minsken fiele har net altyd heard, om't se gjin tiid krije om har ferhaal te dwaan.
- It publyk is te ferskaat: organisaasjes hawwe ferlet fan oare saken as yndividuele stipers.

De Ried sil dêrom dizze struktuer feroarje. Wy wurkje tenei mei in trijetal kommisjes neist it bestjoer en de twa redaksjes.

Advysried

Der komme aparte gearkomsten foar oansletten organisaasjes yn de foarm fan in Advysried. Dêr kinne se mei-inoar wurkje oan in 'horizontale programmearring' en aktiviteiten op inoar ôfstimme. Sa foarkomme we, dat de organisaasjes fan de Fryske beweging dûbele aktiviteiten organisearje, of slimmer noch, inoar tsjinwurkje of (ûnbedoeld) yn it farwetter sitte. Der is in grutte oerlaap tusken de Advysried en de gearkomsten fan it EBLT. Mei it EBLT sil besjoen wurde hoe't wy dêr gearwurkje kinne.

Politike kommisje (POK)

It tal bestjoersleden en it tal frijwilligers fan de Ried binne de lêste jierren minder grut wurden. Mei de Politike kommisje binne der lykwols positive resultaten boekt yn de polityk. It Sichtberensakkoart (dat oanfoljend op de BFTK ôfsletten is tusken Ryk en Provinsje) is dêr in direkt resultaat fan. Wy hâlde de POK dêrom yn stân.

Mienskipskommisje (MIKO)

De 'POK-metoad' wolle wy no ek ynsette om de doelen fan 'Wat ús bynt' op in makliker wize dochs te realisearjen. It is belangryk om de konneksje mei de mienskip te hâlden. Dêrom wol de Ried yn dizze beliedsperioade ek in mienskipskommisje ynrjochtsje. Yn dy kommisje sille fertsjintwurdigers fan ferskate sektoaren (sport, kultuer, toerisme, bedriuwslibben, tsjerke, ensafuorthinne) in sit krije. Dy fertsjintwurdigers wurde in soarte fan ambassadeur foar it Frysk en kinne mei-inoar linen útsette en aktiviteiten opsette.

Fryske Bewegingsdei

Mei it ynrjochtsjen fan de nije kommisjestruktuer wurdt ek de rol fan de stipers oars. De Ried hechtet tige oan de kontakten mei syn achterban en dêrom wol de Ried jierliks in Fryske Bewegingsdei hâlde foar stipers, kommisjeleden, frijwilligers en oare belangstellenden. Dy Fryske Bewegingsdei kin bygelyks ferdielt wurde yn in wat mear formeel part yn de moarntiid, wêryn't weromsjoen wurdt op it ôfrûne jier en dêr't de aktiviteiten dy't opnaam binne yn it beliedsplan en it wurk fan de kommisjes bepraat wurde. Middeis is der dan romte foar oare aktiviteiten, lykas lêzingen of foarstellingen.

Dy Fryske Bewegingsdei hâlde wy elk jier om 1 maart hinne. Mooglik sille wy foar lunsj, middeisprogram en sûpke in beheinde dielnimmersbydrage freegje moatte. De ynfolling sil noch neier útwurke wurde.



Organisaasje en útfiering

Om it beliedsplan út te fieren, sette wy in organisaasjeferoaring yn. Dy organisaasjeferoaring betsjut ek in feroaring fan it karbrief.

Ynfolging fakatueres

It bestjoer heart út minimaal fiif en op syn meast út sân minsken te bestean. It is by it skriuwen fan dit beliedsplan noch net slagge om yn it eigen netwurk in foarsitter en nije bestjoersleden te finen. Wy sille dêrom ekstern fakatueres (yn de Fryske media) iepenstelle, dêr't we dúdlik it profyl fan de Ried yn nei foaren bringe, mar ek it spesifike profyl fan de bestjoersleden dy't wy sykje.

Wat de PR oangiet, is de ferwachting dat der eksterne help ynhierd wurde moat om in nije útstrieling (foarmjouwing, dus: logo's, websiden, sosjale media, ensafuorthinne) te ûntwerpen, en in kommunikaasje-spesjalist dy't it proses begeliede kin.

Beleanningsbelied

De bestjoersleden fersette in soad wurk foar de Ried en dat kostet in soad tiid. De Ried biedt dêrom de bestjoersleden in funksje oan op basis fan de maksimale frijwilligersfergoeding. Bestjoersleden kieze sels oft se dy fergoeding oannimme of skinke oan de Ried.

De leden fan de Politike kommisje, Mienskipskommisje en Advyskommisje krije in reiskostefergoeding. Fierder hoege se gjin bydrage te beteljen foar (catering op) de Fryske Bewegingsdei.

De redaksjes wurkje mei ZZP'ers of frijwilligers. Dy wurde betelle op basis fan har eigen taryf, in frijwilligersfergoeding of in (yn it redaksjestatút) fêst te stellen bedrach per bydrage.

Karbriefwizinging

De hjoeddeistige praktyk komt net folslein oerien mei it karbrief. De konstruksje dy't yndertiid keazen is, mei in Ried dy't gearstald is út in tal organisaasjes past net mear by de praktyk. In soad bestjoersleden hawwe al in sit yn mear oansletten organisaasjes of binne net tige belutsen by de Ried om't se it al drok hawwe mei de eigen organisaasje. It deistich bestjoer operearret yn feite autonoom fan de Grutte Ried. Mei de nije kommisjestruktuer wolle wy it bestjoer ek formeel dy posysje jaan. Sa bliuwt de Ried fan de Fryske Beweging slachfeardich en kin dy effisjint syn wurk dwaan. Dêrfoar is in karbriefwizinging nedich. De oansletten selskippen hawwe dan tenei in sit yn de Advysried.

Yn de kommende jierren wurdt de nije struktuer organysk fierder ynrjochte. Yn 2023 sil in karbriefwizinging foarlein wurde oan de oansletten organisaasjes en stipers.

Húshâldlik reglemint

It húshâldlik reglemint sil oanpast wurde oan it nije karbrief. De redaksjes (redaksje itnijs.frl, bûsboekjeredaksje en Fedde Schurerlêzing-kommisje) wurkje ûnôfhinklik fan it bestjoer. Om saken yn goede banen te lieden en de ûnôfhinklikens te boargjen, wurdt foar elk fan dy organen in redaksjestatút opsteld. Dat hoecht net in juridysk ticht timmere stik te wurden, mar wol in kader op haadlinen.

Wurkplan

Alle jierren makket elk bestjoerslid in wurkplan op haadlinen, dat past op ien A4. Dat plan is net bedoeld om bestjoersleden ôf te rekkenjen op de eigen prestaasjes, want it bliuwt frijwilligerswurk. It wurkplan is benammen bedoeld om de fokus te lizzen op de aktiviteiten, dy't nedich binne om de doelen út te fieren. Jierliks wurdt dat bepraat en wêr mooglik wurde dan ek de taken oars ferdielt.

Kommunikaasje mei de achterban

Wichtichste feroaring yn de kommunikaasje mei de achterban is dat dy útnûge wurde sil foar de jierlikse Fryske Bewegingsdei. Op de Bewegingsdei wurdt de jierkalinder fan de oansletten organisaasjes presintearre, alhoewol't dy kalinder troch it jier ek digitaal te rieplachtsjen is op itnijs.frl.

De NIJE sil ferfalle, mar dat jildt net foar de nijsbrief dy't dêrby ferstjoerd wurdt. It is ommers tige wichtich om de achterban op de hichte te hâlden, fan wêr't de Ried mei dwaande is. De nijsbrief sil dêrom noch elk fearnsjier ferspraat wurde ûnder de stipers. De abonnees fan DE NIJE sil frege wurde oft se stiper wurde wolle fan de Ried.

Dêrneist sille de leden fan de kommisjes gauris in digitaal 'bypraterke' krije fan it deistich bestjoer.

It bestjoerslid PR & Kommunikaasje sil yn 2023 in kommunikaasjeplan opstelle. Dat plan is benammen rjochte op it fergrutsjen en ferjongjen fan de achterban. Dêrneist wolle wy ek mear organisaasjes oan ús bine.

